




Taal yn byld by: It Deiboek door Janny van der Molen



Geskikt foar groep: 7 & 8

Rûte 2 : **Wurde watsto wolst: Demokrasy**

Lêze

Foar yn it boek stiet:

Mei dit boek wol ik in djippe bûging meitsje foar Ferdinand Domela Nieuwenhuis en foar alle Geartsje Kleefstra's fan dy tiid.

Bepaat mei elkoar

- Wat bedoelt de skriuwer hjirmei?
Kinste ien wêrsto in djippe bûging foar makkest?
- Wat hat dy persoan dien? Wat stoers? Wat hiel bysûnders? Of wat hiel goeds wê't in hiele protte minsken foardiel by hawwe...of bliid fan wurde
- Kinste dy persoan echt? Of kinste dy fan de tillevyzje of de krante?
- Hokker taal praat dy persoan? *Ut hokker lân komt dy persoan?*
- Hokker taal praatsto thús? En hokker op skoalle?
- Wat is in memmetaal?
- Hokker talen binne der yn jim groep?

Opdracht

Meitsje in skilderij of tekening fan dyn held. It mei immen wêze, dysto goed kinste, mar it mei ek immen wêze dy't ferneamd is en dysto kinste fan de tillevyzje of ynternet. Skriuwer der in moaie sin by yn dyn memmetaal om te fertellen wat dizze persoan sa spesjaal makket. Dyn memmetaal kin Frysk, Nederlânsk, Liwadders, Bildts, Arabysk, Koerdysk of wat foar taal dan ek wêze.

Skriuwer der yn elk gefal in Fryske fertaling by, sadat dyn poster twatalich wurdt.